



Westergo
Agrarische Natuur
Coöperatie

Nieuwsbrief ANC Westergo

Aan de leden van ANC Westergo en van de ANV's: Baarderadiel, Oer de Wjuk, Gooyumerpolder, Bosk & Greide, De Greidhoeke en Tusken Marren & Fearten en betrokkenen.

Tuskenfase

It briedseizoen fan 2020 leit no al wer achter ús. De risseltaten binne noch net bekend, mar wol is dúdlik dat it sterk wikseljend is.

Der binne mozaïeken dêr't noch moai wat piken grut wurden binne en dêr't ek in soad last minute behear dellein is, omdat de fûgels harren net altyd stjoere litte. As de nêsten en piken op in oar stik sitte as dat wy fantefoaren ferwachte hiene moatte wy ek it behear ferlizze. It is moai dat it ANLb de romte jout om dêr yn it briedseizoen noch op yn te spyljen troch op it iene plak it behear lichter te meitsjen en dêrmei budget frij te spyljen om op in oar plak swierder behear del te lizzen. Dizze maaitiid is mear gebrûk makke fan last minute as foargeande jierren. Mei tank oan de fleksibiliteit fan de boeren om dat mooglik te meitsjen en de grutte ynset fan fûgelwachten, mozaïekregisseurs en oaren yn it fjild ha wy op dizze plakken toch noch hiel wat piken grut krije kinnen.

Spitich dat op oare plakken hast gjin piken grut wurden binne. Earst binne troch de droege en kâlde maaitiid in soad lechsels ferlern gien, benammen fan de ljippen. Letter wie de predaasje sa swier dat de piken gjin kâns hiene. Fia KBF, gesprekken mei de provinsje en ek de brânbrief fan Natuerkoöperaasje Baarderadiel is dúdlik makke dat der mear oan de predaasje dien wurde moat. As wy de greidefûgels beskermje wolle sil der wat feroarje moatte yn it predaasjebehear.

No't it greidefûgelseizoen achter ús leit sille wy yn it súdlike part fan it wurkgebiet (tusken Snits, Lemmer en Galamdammen) ús rjochtsje op it behear yn it kader fan de "natte dooradering" en "thema water". Dêr sille wy dizze simmer wer mei de baggerpomp oan de slach, yn kombinaasje mei "ecologisch slootschonen". Doel fan dat behear is om te soargjen foar goede wetterkwaliteit en de optimale plantegroei yn de sleat foar krityske fisksoarten lykas de modderkrûper en oar wetterlibben. It ANLb is yn earste ynstânsje yn 2016 ôfpraten foar in perioade fan 6 jier. Omdat de fernijing fan it Europeesk lânboubelied (GLB) útsteld wurdt, sil ek it ANLB noch wat langer trochrinne. Dêroer krije jimme kommende winter noch berjocht om de kontrakten mei in pear jier te ferlingen. Wy ferwachtsje dat ek dêrnei it agrarysk natuerbehear yn grutte linen op deselde wize trochgean sil as it hjoeddeiske ANLb. Natuerbehear is in kwestje fan lange adem en ek de dielnimmers moatte der op fertroue kinne dat de ynfestearrings yn behear en ek plas-drassen en heech-wetter-peil op lange termyn fergoede wurde.

Ein juny ha wy in die in ûndersykskommisje út Wageningen op besite hân. Doel is om it ANLb te evaluaerjen en te sjen wat der yn it nije ANLb oars moatte soe. Dizze kommisje is troch RVO frege om rie oan minister Schouten út te bringen en ANC Westergo is ien fan de trije kollektiven dy't dêrfoar trochljochte wurde. Wy hawwe in goed gesprek mei dizze minsken hân en binne middeis yn de omkriten fan Easterein it fjild yn west om it behear yn de praktyk te sjen. In goede dei, dy't yn septimber in ferfolch krijt mei in evaluaasjebyienkomst dêr't ek minsken fan provinsje en wetterskip by wêze sille. In moaie kâns om as ANC Westergo in bydrage te leverjen oan in takomstich agrarysk natuerbehear mei praktyske en effektive behearpakketten en in reële fergoeding foar de dielnimmers.

Gabe Schaaf, bestjoer ANC Westergo



Budget last-minute beheer volledig benut

Het grootste deel van het budget dat ANC Westergo beschikbaar heeft voor het weidevogelbeheer, wordt voor het begin van het seizoen vastgelegd in de beheerovereenkomsten. Een kleiner deel van het budget wordt gereserveerd voor het uitrijden van ruige mest en verzwarings van de beheerafspraken in het seizoen. Onder andere door de droogte en..... >>> [Lees verder](#)

Nieuwe kantoorruimte te Wiuwert

De werkorganisatie van ANC Westergo heeft sinds 1 juni de beschikking over een kantoorruimte in het kantoor van de BFVW in Wiuwert. De kantoorruimte kan gebruikt worden als werkplek maar ook als vergaderruimte voor zowel het team als bestuur van ANC Westergo. Er zal niet dagelijks iemand aanwezig zijn, dus voor..... >>> [Lees verder](#)



Bron: Omrop Fryslân



ANC Westergo levert input voor landelijke evaluatie van het ANLB

Vier jaar na de invoering van de collectieve aanpak van het agrarisch natuur- en landschapsbeheer, start de evaluatie van het ANLB. LNV en provincies hebben daarvoor een opdracht gegeven aan de Wageningen Environmental Research (WEnR). Doel is om op basis van de huidige ervaringen verbeterpunten te formuleren voor het..... >>> [Lees verder](#)

Omvang POP3 (Europeeslandbouwfonds voor plattelandontwikkeling) aanvraag

ANC Westergo heeft onlangs een nieuwe aanvraag ingediend voor POP3-subsidie t.b.v. de aanleg van plasdras, aanschaf van pompen en inzaaien van kuikenlandmengsels. De aanvraag had een omvang van maar liefst €350.000. In de loop van de nazomer/najaar verwachten we uitsluitel van RVO te krijgen over de toekenning van de middelen.



Nienke Leijenaar met zwangerschapsverlof

Nienke Leijenaar, beheerregisseur van Tusken Marren & Fearten, Gooyumerpolder en de Greidhoeke heeft zich tot het eind van het seizoen nog ingezet voor ANC Westergo, maar maakt sinds half juni gebruik van haar zwangerschapsverlof. Vandaag hoorden we dat ze op 8 juli moeder is geworden van dochter Nora Diethe. Mocht u deze zomer vragen hebben over de uitvoering van uw ANLB-beheer, dan kunt u contact opnemen met Gerard van Asselt: 06-83254697 (Greidhoeke) of met Meindert Attema: 06-48517407

Afmelden voor deze nieuwsbrief? Klik dan [hier](#).

